

35. François Bekius

1726-1803, Ilpendam, Stiensgea-Surhuzum

De duvel-dominy fan de Fryske Wâlden

Der binne minsken dy krije in namme, in bynamme soms ek, in reputaasje, om't se yn harren libben ris wat úthelle ha dat yn it ûnthâld fan de minsken opslein is en sa bewarre bleaun is. No is it by François Bekius net alhiel by ien útglider bleaun, mar op it earste part fan syn libben, oant syn 51^{ste}, en op de earste 25 jier fan syn karriêre as predikant, wie net it measte oan te merken. Dêrnei gie it mis, mar dan ek goed mis. Doe hat er dy namme fan 'duvel-dominy fan de Fryske Wâlden' skipe: 'Vermoedelijk den meest perverschen mensch, die ooit een Frieschen kansel heeft beklommen.'

François Bekius waard yn 1726 berne as soan fan François Bekius, stedssjirurgyn fan Ljouwert, en Eva Starringa (Sterringh). Mar doe't François berne waard, wie de sjirurgyn al stoarn. Bekius jr. studearre teology yn Frjentsjer en waard yn 1752 út tolve kandidaten en nei in preekwedstriid tusken de lêste trije, beroppen yn Ilpendam, Noard-Hollân. Mem Eva en syn beppe út Ljouwert soargen dat de húshâlding yn de pastorij syn gerak krige. Mar beppe, 87 jier, stoar al rillegau en mem, in masteresse, wie fan betinken dat it tiid waard foar in folgjende generaasje. Se hie har konneksjes en skarrele sels in frou foar François op, de 22-jierrige Johanna Hancock, dochter fan in ferstoarne dominy út Starum. Mem har opset like te slagjen, der kamen fjouwer lytse poppen. Mar trije koenen de striid net oan, allinnich in lytse François rette it op. Nei seis jier Ilpendam giet Johanna har trije berntsjes efternei en kaam der in ein oan in net yn leafde sletten houlik. Fjouwer jier letter, yn 1760, lei syn mem Eva Sterringh, yn it grêf. Sa brocht dominy Bekius yn Ilpendam seis kear eigen folk nei it tsjerkhûf: syn beppe, trije poppen, syn frou Johanna en syn mem. Hy bleau efter mei de lytse François, trije jier ald.

25 jier hat dominy François Bekius yn Ilpendam op 'e kânsel stien. Fansels, der wie wolris wat, mar wie dat it praat wurdich? Hy moat wolris spul hân ha mei wat froulike lidmaten, want de froulju hienen dêr ûnderoan de Purmer de broek oan. 'Pasjinten' neamde Bekius dizze lestige, mûlripe froulju. No wie Bekius ek wolris wat koart foar de kop, gjin wûnder dat it net altyd akkordearre. Ek hat hy, faaks net sa diplomatyk, in stik as wat mannen oansprutsen op harren 'dronkendrincken', in ferwyt dat er letter yn Fryslân sels ek nei de kop krige. Mar grutte problemen wienen der feitlik net. Der wie dêrom yn 1777 foar de tsjerkerie fan Stiensgea-Surhuzum (Zuijderhuijsum) gjin

reden om gjin fertrouwen te hawwen yn harren nije predikant, dy't de Sudersee wer oerstekke woe. Wêrom werom nei Fryslân? Nei alle gedachten woe François syn soan François Henricus efternei, dy't er trije jier earder yn Dokkum mei Geeske Sudema, de 23-jierrige dochter fan Steffen Sudema, keapman, grôtmakker en letter in skoftke boargemaster, troud hie. François, mei syn trouwen noch mar santjin jier, syn noch iennige soan dy't letter, yn 1792, krekt as syn skoanheit ek boargemaster fan Dokkum wurde soe. Dêrby sil Bekius in streek lûke wollen ha ûnder 25 jier fertriet, dea en rou. In streek ek ûnder froulju dy't him mei de brot sitte lieten. Ipendam hie te folle in tsjerkhûf west foar in dominy yn de krêft fan syn libben.

Bekius wie de opfolger fan de stokâlde dominy Johannes Couperus, dy't 57 jier yn Stiensgea-Surhuzum de ynwenners doopt, bepreke, troud en begroeven hie. Dêr, wêr't in flink part fan syn gemeente yn spithutten wenne, gong de nije dominy al rillegau oer de tonge. Hy soe net fan de drank ôfbliuwe kinne, se hienen sels meimakke dat dominy smoar wie. As er lilik wie, en dat kaam gauris foar, dan flokte er as in ketter. Hy makke spul mei ferskate húshâldsters, fan wa't sommige it mar in pear dagen by him útholden. It slimste wie fansels noch dat er sliepte by in by him ynwenjende feint en dy dan al te faak al te folle oankrûpte. It wie in griis! En der wie noch mear. Bekius, yn Frjentsjer learling fan de 'Verlichte' Venema, wie in nijljochter, wers fan kontrûpers en lekskoaiers. Hy koe net rjochtprate wat krom wie en wie, nei de âlderwetske, útbluste dominy Couperus, dêrby allesbehalve in diplomaat. Ympulsyf, lilik, skellend en flokkend koe er reagearje as eat him net sinde. En wie der de earste twa jier aardich flecht op 'e tsjerke, doe't der praatsjes kamen en hy berabbe waard, wie it gau dien mei it respekt fan de simpele mar rjochtute heidepiken, dy't nei Couperus graach wer wat libben yn 'e tsjerke ha woenen, mar net folle begrepen fan nijmoadrige fratsen fan ien dy't net altyd it goede foarbyld joech. It mochten dan analfabeten wêze, dy heidsjers, earmoedich heukerjend yn harren heidehutten, dominy krige allinnich harren respekt as hy dat fertsjinne.

Bekius makke yn it begjin ek wol namme as dokter. As soan fan in Ljouwerter sjirurgyn hie Bekius nocht oan laapjen, dokterjen en masterjen. Hy joech de earme wâldpiken dy't by him kamen, drankjes en goede rie mei, mar wie sa wol dwaande in ûnearlike konkurrint te wurden fan de sjirurgyn fan dizze omkriten, de soan fan de âlde Couperus. En dat Bekius de neikream fan in krekt berne jonkje (net fan in famke, nee, it moast fan in jonkje wêze!) mei sâlt bestruid yn 'e skoarstien hongen hie om it as medisyn tsjin fallende sykte te brûken, soks like fansels nearne nei. Der wienen mear lju en fermiddens by wa't en dêr't Bekius gjin goed dwaan koe. By al de fammen of húshâldsters, in Femmetje,

Jeltsje, Sytske, Anna, Elisabeth, in dochter fan dominy Dahlmole, opnij dyselde Anna, mei inoar op syn minst in stik as acht yn in pear jier tiid, dy't er skellend en flokkend it hûs útjage hie en dy't gjin goed wurd foar Bekius oer hienen. En sa wienen der ferskate tsjerkegongers dy't er wolris om 'e nocht nei tsjerke gean litten hie om 't er sa nedich by in kollega yn Droegeham farske hjerring ite moast of om't er nei de jiermerk fan Noarch woe. En dan wie dêr dy '*gemeenschap der heiligen*', in ploechje finer as finen dy't by de sekretaris byinoar kaam om dêr de rabberij ta hillich meitsjend tiidferdriuw te meitsjen.

H.G. Cannegieter, in fier-fuort-neef fan dominy Bekius, set de ynsidinten, de klachten oangeande de nije dominy, it lêbjen ek, yn 1941 op in rychje. Tagelyk besiket er út te lizzen hoe't it sa fier mei Bekius komme koe, yn hoefier it yndied rabberij west hat en oft we faaks ek wat begryp ha kinne foar de duvel-dominy fan de Fryske Wâlden. Cannegieter besjocht it krekt wat oars. Oars as al dy skoppende en rabjende kollega's en tsjerkegongers. Hy hat psychologyske oarsaken fûn: François hat nea in heit kennen, gjin stjoer fan heit sjoen, te folle memmeleafde krigen, trije froulju, beppe, mem en frou, meimakke dy't him yn 'e steek lieten, wêrtroch er in griis fan it froulike geslacht skippe hat, en trije berntsjes nei it hôf brocht. Fan gefolgen, wol Cannegieter ha, hat Bekius de rest fan syn libben altyd mei de dea dwaande west. Sadwaande én mei't syn heit sjirurgyn west hie, wie hy ek fertroud mei de rol dy't er as dokter spylje koe: piele mei libben en dea. Dat er sa de famylje Couperus tsjin him opsette, om't er har it brea út 'e mûle stjitte, koe him neat skele. Cannegieter, frijsinnich dominy, moat fansels net folle fan Bekius syn tsjinstanners ha: fimelders, konkelers, ynkwisiteurs, rabbelbekken: Bekius moast hingje! In hetze, neffens Cannegieter.

Wat wie de drip? Net it masterjen, net syn ambtsfersom, ek net syn skellerij en geflok op fammen, net de drank. Bekius' foargonger Couperus hie ek foaral dwaande west mei it leegjen fan lytse gleskes by rike pommeranten, Bekius' opfolger, dominy De Vries, soe yn 1790 in warskôging krije om't ek hy, lyk as safolle heidepiken, te handich de drankflesse kantele. Mar hy spruts op 'e knibbels syn spyt en berou út en dat wie no krekt wat se fan Bekius earder nea seagen. It wienen net iens de ferhalen dy't der al in skoftke gongen oer Bekius mei ien of mear mannen yn it bedstee, net syn ferkearing mei syn feint Jan Durks of it striken op it bleate fel fan in Hendrik Coops út Surhuzum dy't mei lichaaamlke klachten by dominy-dokter Bekius kommen wie. Mei inoar, sa't it wol like, syn homoseksuele aktiviteiten dus. Jawis, Bekius hie, neffens Cannegieter, nei syn ûnderfiningen mei beppe, mem en frou in hekel oan froulju krigen: se lieten him allinnich mar yn 'e steek. Mar de drip tefolle wie de

tút dy't er syn ferstoarne, yn syn kiste lizzende feint, Jan Durks joech, krekt foardat dy begroeven wurde soe. Net in tút mei ferdrach, mar oerstjoer en sûnder de nedige ôfstân nei it lyk ta te bewarjen. Hy hie him der suver hast op stoart. It heale doarp hie der by stien, it heale doarp hie der fan griisd en der skande fan sprutsen: in deade tútsje, in fint, in feint, ek noch. En dan sa!

De klachten kamen by de klassis fan Dokkum. In trijetal hiel gelearde en harren kollega's út de Noardeasthoeke fertsjintwurdigjende predikanten soenen oer de saak Bekius gear. Der wienen genôch oprjochte tsjerkegongers, froede en fromme heidepiken, dy't wol wat oer Bekius kwyt woenen. Ek eardere húshâldsters en fammen fan de dominy, de haatdragende Froukje Alderts foarop, koenen moai harren gram helje en grypten dizze kâns oan om mei dy duvelske dominy ôf te rekkenjen. Hy hie it der op 't lêst sels nei makke. En ek de finer as finen om Mijnheer Secretaris hinne, de *'gemeenschap der heiligen'*, hienen de bek fol oer it flokken, syn kontakten mei menisten, syn masterjen, syn dranksucht, ja, syn omslaan mei de duvel. De trije kollega's út Ie, Waaksens en Reitsum, brochten nei in wiidweidich, djipgravend en Bekius fansels och sa belêstend ûndersyk ferslach út yn Dokkum by de klassis. Mei net minder as 26 beskuldigingen. In pear: flokke, dronken, bedragerij, hillichskeining, sûnder foech dokterje, ferlieder fan froulju, pedofily. De kollega's fan de klassis woenen it doe wol leauwe: *'De classis van Dokkum gezien en geëxamineerd hebbende al hetgeen ter materie is dienende, ...deporteert den persoon François Bekius, in dezen beklagde en gedaagde, van zijn ambt als leeraar in de gemeenten Augustinusga en Zurhuizum ...ontzegt hem voorts het gebruik van de H. Sacramenten, zolang hij onboetvaardig blijft in zijn zonden ..'* Ek de synoade, noch in stapke heger, wie der gau út: der moast mar ris in streek lutsen wurden, de rekkeliken, de noflikken, de wat minder finen, waard sa tagelyk ek moai de wacht oansein. Bekius, sûnder ferwar tsjin it gekonkel en murf troch alle rabberij, hat him amper mear ferdigene en waard troch de *'Hoog Eerw. Deputaten Sinodi Bolswardiënsis'* ôfset. Reagearre hy earder emosjoneel, flokkend, koppich, sûnder takt op krytyk, hy joech no belies. Hy is net yn berop gien, woe en koe net de wei op fan fernimstige arguminten en juridyske tsjinsetten. De dominy fan Stiensgea en Surhuzum joech it oer, waard skuldich befûn en op syn 58^{ste}, op 6 desimber 1784, út syn amt set; syn traktemint en wenning wie er dêrmei fansels ek kwyt.

En dêrnei? Bekius hat net wer in kâns krigen. Faaks ek net ha wollen. Hy is ein 1784 nei Dokkum set en kaam, nei alle gedachten, yn te wenjen by syn soan François Henricus, ûntfanger, tsiishanneler en letter boargemaster, yn Dokkum, mar al op syn 42^{ste}, yn 1799, ferstoarn *'aan een hem schielijk overvallende*

beroerte. François Haverschmidt hie it trije generaasjes letter oer it ferdrinken fan syn oerpake. Hoe dan ek, al wer in sibbe dy't âld-dominy Bekius fierstente jong yn 't grêf sakjen seach. Hy makke dêr gelokkich ek mei dat in pakesizzer, ek in François, nei Grins gong om teology te studearjen en troude mei Gaatske van Slooten, dochter fan in advokaat en, ek al, in boargemaster fan Dokkum. Tegearre mei Gaatske waard er de pake en sy de beppe fan François Haverschmidt, alias Piet Paaltjens.

Bekius bleau nei de dea fan syn soan alwer efter mei allinnich mar froulju yn 'e hús: syn skoandochter, de boargemasterswiddo, en har beide dochters dy't de troubere jierren ek berikt hienen. By dizze froulju, sil hy, ôfhinklik as er fan harren wie, him wol wat koest holden ha. En hy wie âlder fansels. Wizer is de fraach, mar âlder en swakker wis. Hy sil iensum west ha, allinnich yn 't bedstee, gjin feint dy't er oankrûpe koe. Bekius wie der ek net by as der by syn soan thús, by syn skoandochter letter of yn 'e stêd wat te belibjen wie, by eksersysjes, it kwartelfangen, it mei inoar in glês wyn drinken. Wie er faaks net al te presintabel mear? Skammen de froulju har wat foar de âld-dominy yn harren fermidden? It sil Bekius ek wol goed west ha, hy hie al te faak meimakke dat minsken him yn 'e steek lieten, him falle lieten.

Doe't Bekius yn 1803, 76 jier, it deadshimd oanlutsen waard, hoegde net ien te prakkesearjen wat der oan syn grêf befantasearre wurde moast. Al yn Ilpendam hie hy, dy't letter de duvel-dominy fan de Fryske Wâlden neamd wurde soe, fêstlein dat der by syn grêf gjin lykpreek of libbensferhaal holden wurden mocht. As hie er foarútsjen kinnen.

Boarnen:

Algra, A., *De historie gaat door eigen dorp, deel 2*, Ljouwert, 1956.

Cannegieter, H.G., *François Bekius, de duivel-dominee uit de Friesche Wouden*, Santpoort, 1941.

Graaf, dr. ir. J. v.d., *Duiveldominee uit de Wouden*, yn: *Reformatorisch Dagblad*, 12 juni 2008.

Henstra, Klaas R., *Duivelbanners en wonderdokters in de Wouden*, Ljouwert, 2007.

Nauta, prof.dr. D. e.a., *Biografisch Lexicon voor de geschiedenis van het Nederlandsch protestantisme*, Kampen, 1983.

Snijders, dr. L.A., *Over oude pastorieën en pastores*, Zutphen, 2004.

36. Tiberius de Baar

± 1743-?, Wytmarsum

Wol de lusten, net de lêsten

Yn Frjentsjer wienen der studinten dy't mar min mei harren frijheid omgean koenen. Faak hienen se út lytse doarpkjes wei de grutte reis nei de akademystêd makke, mei de bêste winsken en hege ferwachtingen fan heit en mem. En dêr, yn dy stêd, soe it wêze: studearje, boeken, dominy wurde, grutske âlden. Mar se wienen sûn, dizze jonges. Se learden it drinken yn de Bogt fan Guné, yn De Swarte Arent en yn De Drie Vriezen. Se kamen dêr de famkes tsjin, sochten se op. Frjentsjer wie it libben, se woenen dêr yn meidwaan. It koe no noch.

Tiberius de Baar wie in Grinzer. Syn heit wie predikant yn Rottum, yn de Ommelanden. En Tiberius' foarbyld. Hy studearre yn Frjentsjer, mar die tagelyk ek ûnderfining op mei ferskate froulju yn de akademystêd. Sa koe er it mar al te goed fine mei syn hospita. Der wienen net folle dy't dat yn 'e gaten hienen en wa't it wist hold him deroer stil. Ek mei in Tryntsje Melis wie er it al te faak oe sa iens. Tryntsje sels gie der alhiel fan út dat se sa goed as fersein wie oan de kreaze, ynnimlike oanstearde predikant, mar doe't Tiberius syn stúdzje ôfmakke hie, foar de klassis Warkum in prachtich eksamen hearre litten hie en, it wie yn 1764, beroppen waard yn Wytmarsum, wie Tryntsje fergetten. Gelokkich wie de ferhâlding sûnder gefolgen bleaun. Op it brutsen hert fan Tryntsje nei.

Yn Wytmarsum wenne ek in Tryntsje. Tryntsje Jetzes wie in jonge widdo sûnder bern. Eltse snein siet se kreas en kwier yn tsjerke en Tiberius moast alle war dwaan om de kop by syn preek te hâlden. Mar al te graach gie hy by har op húsbesite en dan makke er it faak langer as wenst wie. Mar hy moast oppasse, de rabberij lei op de loer. Ek hjir yn Wytmarsum.

Doe't syn tsjinstfaam Elske Jans graach in pear dagen, én nachten, nei har famylje yn Frjentsjer woe, betocht Tiberias dat Tryntsje wol sa lang by him de húshâlding dwaan koe. De argeleaze jonge frou seach der gjin kwea yn. Mar al yn de earste de bêste nacht, it wie om in oer' as ien, krûpte dominy by har yn 't bedstee. Tryntsje die earst alle war him te kearen, mar Tiberias, slij nei *vleselycke conversaties*, liet syn ein net sa gau slûpe en op 't lêst joech se belies en waard se sels aardich oansjitsk. *Dominy 'volvoert syn vleselycke lusten tot syn volkomen satisfactie'*. Der waard dy nacht amper sliept. Dominy sei Tryntsje fan alles ta: lok en leafde, in houlik, in hûs. De gefolgen koenen net útbliuwe: yn maaie 1765 wie Tryntsje der wis fan dat se mem wurde soe. Har mem hie it ek al sa'n bytsje yn 'e gaten. Al hie dominy har fan alles tasein, it wie mei lead

yn 'e skuon dat Tryntsje dy deis nei de pastorij ta sette. En al hie Tiberias better witte kinnen, hy waard kjel fan har boadskip. Noch deselde deis helle er by de apteek yn Boalsert sevenboomoalje en piltsjes dy't mei elkoar it begjin fan it berntsje fan Tryntsje ferbalje moasten. It drankje wie net te drinken, se wie der fiis fan en liet it nei in pear slokjes stean. It berntsje, frucht fan dominy's smoarge geilens, bleau sitten en Tryntsje groeide en bloeide. Tiberias woe noch nearne fan witte en doe't er hearde dat syn tsjinstfamke Elske, opnij útfanhûs by har âlden yn Frjentsjer, yn 'e stêd omtromme hie dat Tryntsje en Tiberias mem en heit wurde soenen, koe Elske oppakke. Der kaam in nij famke foar har yn 't plak, in Acke Clases. Dy wiken tusken Elske en Acke hienen dominy en Tryntsje wer as man en frou libbe. Tryntsje hie gjin geheimen mear foar Tiberias, oarsom wie 't mar de fraach as wat er sei, wol stroke mei wat er allegearre tocht.

Op 15 desimber 1765 kaam, by Tryntsje thús, de lytse poppe, in famke. Wa't har seach sei it daliks: se wie dominy út 'e mûle stapt. De heit sels kaam net om in poppeslokje, dat it jonge memke lei alhiel net noflik en beprakkesearre fan alles. Sa gau as hja wer op 'e fuotten stean koe, sette se, de lytse poppe op 'e earm, mei har heit Jetse Sikkens en âlderling Jan Alberts nei de pastorij ta. Mar de heit woe gjin heit wêze. Hy soe tsjin eltsenien ûntstride dat it syn bern wie. Dominy waard sels lulk, skold har út en drige in tabakspot nei har holle te smiten. Tryntsje wie der hielendal ôf. Hy hie har fan alles tasein, leafde en lok en folle mear. Mar Tiberias wie bang dat er as predikant ôfset wurde soe as er tajaan soe dat er by in net mei him troude frou in bern makke hie. Hy seach gjin oare wei as Tryntsje mei har bern sitte te litten.

Mar Tryntsje en har heit lieten it der net by sitte. Se fregen it Nedergerecht fan Wûnseradiel de dûbelhertige dominy fan Wytmarsum te twingen syn troubelofte nei te kommen en oars him in skeafergoeding fan 1000 karolusgûne op te lizzen foar de har tadiene 'defloratie'en dat er har withoefaak 'beslapen' hie. Se easken dêrby 50 gûne kreamkosten en as alimintaasje alle wiken 30 stoeren oant it famke 18 wurde soe. Mar Tiberias hold no de poat stiif, ek doe't er swarre moast: hy wit fan neat, hat nea by har sliept. Dy Tryntsje wie in *'duivelsche hoer en canaille.'* It bern wie perfoarst net fan him.

It gerjocht miende dat as der fierder gjin bewizen wienen, dominy De Baar frij út gie: *'t Gerechte op alles rijkelijk gelet en geconsidereert hebbende hetgeen men in deesen behoorde te considereeren in den name en weegens de heerlijkheit der landschappen van Friesland verklaard den impletante tot haar*

genoomen eisch en conclusie niet ontfangbaar en condemneert deselve meede in de kosten van den processe.' It wie in skande. En der wienen mear yn Wytmarsum dy't lyk as Tryntsje en har heit net mear nei tsjerke gongen as dominy De Baar preke.

Trije en in heal jier wie Tryntsje har famke doe't dominy opnij besocht by Tryntsje op 'e lije side te krûpen. En sy, faaks mei de hoop dat it allegearre noch goed komme soe, woe der wol op yn gean. Dan soe har famke dochs noch in heit krije. Mar it gie op 'e nij temûk, yn 't tsjuster, want dominy, noch altyd slij nei de kreaze jonge frou, koe noch gjin potsjekikers brûke. Dêrom waarden der briefkes skreaun, of better brieven, want dominy die och sa syn bêst. Hy hie it oer '*mijn allerliefste engel*', '*mijn pop*', '*mijn allerdierbaarste*', en oer '*altijd bij elkaar zullen blijven*.' Se kamen ek wol wer byelkoar. Stikem. En fansels, dat bliuwt net út, kamen se wer tegearre yn 't bedstee telâne. It wie begjin 1770: '*Mijn soete kindt, wat is het mij aangenaam en verkwikkelijk geweest dat ik bij u geweest ben*,' sa flaaike Tiberias har in syn brieven. Mar in troubelofte kaam der net.

Doe, it wie yn maart 1770, waard der in falstrik foar de deunske dominy opset troch Tryntsje. Of feitlik troch har heit, har broer Sikke en syn freon, en in sweager fan har, Hendrik Jacobs. Tiberias hie it tsjin it gerjocht fier fan him smiten dat er '*vleselijck met haar verkeert*' hie. As Tryntsje mei har kompanen bewize koe dat er mar al te graach fan de '*huwelijckse geneugten*' snobbe, dat dominy har it bedstee yn prate en net oarsom, dan soe er foar eltsenien mei de billen bleat moatte. Sa barde it. It wie al nei tolven doe't Tiberias, alhiel ree foar '*vleselycke conversaties*', risselwaasje makke, syn broek útstrûpte en him bitsich en hitsich op de sa jong bestoarne widdo, mem fan syn famke, stoarte. Krekt doe't er tocht dat er wer sûnder behinderingen syn gong gean koe, kamen de mannen foar 't ljocht. Tiberias die alle war him skjin te praten, dat it net oer de buorren en, wichtiger, dat it net foar it gerjocht komme soe. Dêrom sette hy, wylst syn dochterke boppe om har mem rôp, ek sûnder folle tsjinaksel syn hân: dat hy tasei '*in egte trouw met haar te zullen treden*.'

Mar in pear dagen letter al besocht de dominy fan Wytmarsum ûnder syn hântekening út te kommen. Hy tsjinne in klacht yn dat er troch Hindrik Jacobs ûnder bedriging twongen wie syn hân te setten ûnder in troubelofte. Tsjin Hindrik waard in ferfolging ynsteld, mar ek tsjin dominy Tiberias de Baar sels. Dy waard der troch de prokureur-generaal fan Ljouwert fan fertocht dat er in falske eed dien hie. In jongfaam mei jins berntsje sitte litte, dat mocht hinnebruie, mar lige tsjin de rjochter, dat waard Tiberias goed kwea ôf

nommen, dat like nearne nei. Der kaam in wiidweidich ûndersyk. Alle papieren, ek fan it eardere proses, waarden wer foar it ljocht helle. Sels de tsjerkeboeken waarden yn beslach nommen. Dominy waard fêstsetten en nei de finzenis yn Ljouwert brocht.

It Hôf yn Ljouwert wie gau klear mei dominy De Baar fan Wytmarsum. Hy hie in falske eed ôflein, hy wie ynfaam en yn alle opsichten skuldich. Hy moast mei *'eerbiedige en onderdanige gehoorzaming...syn knieën buige voor den hogen God, ...en ootmoedig erkenne en belijde...dat ik zwaarlijk gezondigd heb, ...en genadige vergeving (afbidde) van mijne misdrijven ...'* Koartsein: dominy moast troch it stof, foar God, foar de Uedele Mogende Heren fan it Hôf, foar it Gerjocht fan Wûnseradiel, foar de mannen dy't er falsk fan geweld tsjin him beskuldige hie. Oer Tryntsje en syn jierrenlange lege praatsjes, syn longerige leagens, syn grypsk, geil en goddeleas dwaan gjin wurd. Nei't dominy djip, hiel djip, de knibbels bûgd hie, moast hy, dy't foar alles predikant bliuwe woe, meitsje dat er Fryslân út kaam. De earste seis jier woenen se him hjir net wer sjen. Syn besit waard ferkocht. Wêr't de âld-dominy fan Wytmarsum bedarre is, witte we net. Yn Fryslân ha se him net wer sjoen.

En Tryntsje Sikkes? Yn 1788 troude sy, 49 jier, mem fan in faam fan 23 jier, mei Bauke Paulus Bruinsma. Se ferhuzen nei Winaam. Yn 1820 ferstoar de frou dy't troch in dominy sa lang op 'e tok holden wie en har jonkheid dêrby ferspille. Se waard 72 jier.

- It is Algra yn syn De historie gaat door eigen dorp, diel I, blykber te mâl gien mei Tiberias syn misdragingen, de skande wie him faaks te grut. Hy wol ha dat ds. De Baar it by de Regear mei syn skriuwen bedoarn hie en dat er dêrom foar seis jier út it lân band waard en troch de Klassis ôfset. Mar it ferline lit him op syn moaist wat kleurje, feroarje docht er net.

Hij was predikant te Witmarsum van 19 Oct. 1764-22 Mei 1770. Op dezen laatsten datum werd hij op 's Lands Cancelarye publyq ter zaake van zeer ligt veerdig, en gantsch opsprakelijk gedrag, gepaard met valsch sweeren, valsche dilatien, en beschuldigingen tegen zijne naasten, met misleiden van den Regter enz., verklaard mijneedig, infaam en ten hoogste schuldig, aan zeer atroce en Judicieele calumnien, en gecondemneerd om God met geboogene knien, de Justitie met behoorlijke reverentie en zijne beleedigde naasten vergiffenisse te bidden van de hooggaande misdaden van hem gepleegd, en voor 6 jaaren gebannen buiten deeze Provincie, by poene van arbitraire straf, zoo binnen die tyd daar weeder binnen komt.' Op de Classis van den 5^{den} d.a. volgend werd hij 'voor altoos gedepoorteed van 't werk der H. Bedieninge, en hem van 't gebruik der h. sacramenten geexcommuniceerd.'

(út: Biografisch Woordenboek van protestantsche godgeleerden in Nederland, deel I)

Boarnen:

Bie, J.P. de e.a., *Biographisch Woordenboek van protestantsche godgeleerden in Nederland*, Utert, 1907-1949.

Hartsema, David, *Dominee reed een scheve schaats*, yn: De meesterdief uit de Friese Wouden, Drachten-Ljouwert, 1990.

Hietkamp, Han, *Dominee in liefde verstrikt*, *Verhalen van lang geleden, opgetekend uit de dossiers van het Hof van Friesland*, Drachten, 2001.

Schrijver, Wim, *Dominee werd op heterdaad betrapt*, yn: Ljouwerter Krante, 2 july 2011 (Tsjerkepaad).